

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde

Rjochte oan DS / lid DS	Klaas Fokkinga – leefberens/sprieding driuwende soarch
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Op 1 novimber 2020 wie de falbile fan in ynternetkonsultaasje oer de driuwende soarch yn Nederlân. It foarstel dêr't op reagearre wurde koe giet út fan in nije ynrjochting fan it soarchlânskip wêrby't de libbensbedriigjende driuwende soarch op inkelde lokaasjes konsintrearre wurde sil.</p> <p>De FNP dielt de soarch fan in soad dokters¹ oer dy plannen en hat need, dat de nije oanpak in negative ynfloed hawwe sil op de leefberens fan Fryslân.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Is it Kolleezje op de hichte fan de ynternet-konsultaasje oer de saneamde '<i>Houtskoolschets acute zorg</i>'?² Is de provinsje Fryslân aktyf op de hichte steld fan dy konsultaasje en de mooglikheid te reagearren?2. Hat de Provinsje Fryslân foar de falbile fan 1 novimber 2020 op de konsultaasje reagearre? As dat sa is, wat wie de reaksje fan it Kolleezje? As dat net sa is, wêrom net?3. Hoe sjocht it Kolleezje oan tsjin de tinkrjochting fan de '<i>Houtskoolschets</i>' en de fernijde ynrjochting fan de driuwende soarch dy't dêryn foarsteld wurdt?4. Hoe ferhâlde de foarnimmens fan de '<i>Houtskoolschets</i>' har ta de ynhâld fan it bestjoersakkoart?5. Is it Kolleezje ek benaud dat mei de plannen de driuwende soarch út de fjouwer regionale sikehuzen (Snits, Dokkum, Drachten en it Hearrenfean) en miskien sels út Ljouwert driget te ferdwinen en dêrmei de leefberens yn Fryslân minder wurde sil?
Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP Rein van der Wal
Datum	10 novimber 2020

¹ Friesch Dagblad, '*Nieuw zorgplan bedreigt regionale ziekenhuizen*', 10 novimber 2020;

² Internetconsultatie '*Houtskoolschets acute zorg*', discussiestuk over de nieuwe inrichting en bekostiging van het acute zorglandschap, www.internetconsultatie.nl/houtskoolschets_acute_zorg.